

It tsjerke yn.

De koster fan it sobere sealtsjerkje fan Nijhoarne, bout yn 1778, eaget de romte oer. Rûnbôgige finsters litte it maitiidsljocht royaal nei binnen falle. De 100 stuollen, de skaal mei wetter om de dopeling wetter oer de holle te sprinkeljen, alles stiet klear foar de dooptsjinst.

Mem hat er bot foar prate moatten om it safier te krijen dat se my dope litte koe. Heit fynt it bêst dat ik doopt wurd, en wis giet er mei nei de dooptsjinst, mar hy is net grutbrocht mei tsjerke. My dope litte, moat mem allinnich dwaan. Ek it gesprek mei dominy en âlderlingen. Mem hat noch gjin belidenis dien, en dan har dochter dope litte wolle? Dat moast se útlizze, want it koe net allegear samar.

Dan is der noch in hobbel te nimmen. Mem en heit wenje mei my oan 'e Grûnswyk. Der rint in paad by de wyk lâns, nei de feart. By de feart rint ek in paad, mei smelle brêchjes oer alle wiken, dy't yn de feart útkomme. Dokter en froedfrou ha in motor om by de minsken te kommen. Gewoane minsken kinne rinnende as op 'e fyts it paad lâns.

Moai oanklaaid, leit mem my yn de platte bernewein mei lytse fjildsjes. Sa begjint de reis lâns wyk en feart en sânpaad nei Aldhoarne en dan de wei del nei Nijhoarne nei't tsjerke. De kuier fan omtrint in oere moat rinnendewei achter de berne wein ôflein wurde.

Op snein 14 maaie 1950 wurd ik mei de bernewein troch de rûnbôgige doar it tsjerkegebou yn riden. Heit sit op 'e foarste rige, mem hâldt my ten doop en dominy Prins sprinkelt it doopwetter op myn holle.

25 jier letter steane beukers mei earebôgen foar de selde rûnbôgige doar.

Willem en ik stappe út de trouauto en rinne de selde romte yn om in seine oer ús houlik te freegjen. Dizze kear binne we mear as wolkom. Us heiten en memmen sitte foaroan, myn suske bespilet it oargel en Willem syn suske spilet op de trompet. Beukers mei fleurige feestpetten sykje in stoel. De lêsten krije in sitplak op 'e grûn, sa fol is it. Ien fan de beukers sjongt mei har heldere bernestim: 'De hear is jim hoeder.' foar har juf, dy't op dy dei har tante wurdt Op 'e foto is de trien te sjen fan myn ûntroering'.

Dit jier sille we ús 45 jierrige troudei fiere. Ik sit by de jongste sus fan myn mem. Mei har diel ik in grut part fan ús famyljeskiednis. Sels parten dy't ik noch net kin. Myn tante seit: 'Doe'tsto doopt bist, ha ik dy yn 't tsjerke brocht.

Ik wie tolve en wit noch dat ik dat wol gewichtich fûn.'

Ineke van der Heide, Boelenslaan